

JIERDEIKALINDER

MEI FERSKES EN GEDICHTSJES
FAN GEARTSJE DOUMA

SCAN DE
QR-KOADES
EN LÚSTERJE
NEI DE
FERSKES!

YLLUSTRASJES FAN
LINDA DE HAAN, MIRJAM VAN HOUTEN,
LUUK KLAZENGA, MARIJKE KLOMPMAKER,
KARIN CAROLINA POIESZ EN FROUKJE REITSMA

afik

IT JIER TROCH!

Mei dizze jierdeikalinder kinne jimme by elke moanne in bypassend gedichtsje of ferske lêze of sjonge. Noch wat dwaan? Hjirûnder wurdt by elke moanne in bypassende lê-, sjong-, doch- of praattip jûn.



SCAN DE
QR-KOADE
FOAR NÓCH
MEAR TIPS!



JANNEWARIJ

- Praat mei de bern oer kâld wêze, bibberje, de útdrukking: 'ik bin net fan sâlt'. Watfoar winterklean binne der allegear? Tink oan wanten, sjaal, mûtse... kinne de bern noch mear betinke?

FEBREWARIJ

- Lis mei de bern ferskillende lytse dinkjes (legopopke, plestik bistkes) yn in bakje mei wetter yn de friezer (of bûten as it friest) en sjoch wat der bart. Bliuwt it no foar altyd sa? Wat bart der ast it yn 'e hannen hâldst?

MAART

- Praat mei de bern oer de maitiid: oer it waar (is it waarm of kâld?), oer de beammen dy't wer grien wurde en yn bloei steane, de blommen. En ek oer (jonge) maitiidsbisten: it aai, de ein/it einepykje, it skiep/it lamke, de ko/it kealtsje...

APRIL

- Kinne jimme ek dwaan as in bij? Dûnsje krekt lykas in bij fan blom nei blom en jou dy in bijetútsje. Sûgje sabeare nektar út 'e blom en flean mei stomoal oan 'e poatsjes heech en leech. Wat makket de bij foar ús (huning)?

MAAI

- Helje wat kikkertsdril út 'e sleat en doch it yn in trochsichtige bak/faas. Sjoch hoe't it dril feroaret yn lytse kikkertsfiskjes. Nei in pear wiken krije se poatsjes en moatte se wer werom yn it natuerwetter.

JUNY

- Sykje bûten nei blomkes, bledsjes en oare moaie 'skatten'. Plak op in papier in grut stik dûbelsidich plakbân en plak jim 'skatten' op it papier. Wat hawwe jimme fûn?



JULY

- Binne jimme krekt sokke lekkerbekken as it mûske yn it ferske (sjoch by july op 'e kalinder)? Lit elkoar (mei de eagen ticht, of mei in blyndoek foar) ferskillende dinkjes priuwe: tsiis, spek, appel, rezyntsjes... Werkenne jim wat jim ite? Hoe priuwt en fielt it, kinne jim dat ek omskriuwe?

AUGUSTUS

- Watfoar waar is it yn de simmer? Wat dogge jimme as it hyt is? Praat oer skaad, soel, oer wetter: drippen, swimme, swimbantsjes, boatsjefarre, wietspuitsje, it swimbadsje. Wat nimst mei nei it strân, en wat fynst dêr? Tink oan skulpen, weagen, sân, sinnebaaie, ynsmarre, ferbrâne, sinnebril.

SEPTIMBER

- Meitsje spinreach troch jern in pear kear kriskras oer in kuorke te spannen. Yn it kuorke komme boartersguodspinnen of -michjes. Kinne de bern de spintsjes der mei in kniper úthelje, sûnder it spinreach te reitsjen?

OKTOBER

- Praat mei de bern oer hjerst- waar: de wyn, waaie, twirje, stoarm, reinwetter, it spielt, wetterplasse. Wat hast soms nedich yn de hjerst (learzens, paraplu, reinjas)?

NOVEMBER

- Praat mei de bern oer hjerstbisten en wintersliep. Wat is in wintersliep? Watfoar bisten dogge dat? Wat binne 'echte hjerstbisten'? Praat oer: stikelbarchje, iikhoarntsje, fûgeltrek, hoale, beam, bledsjes, ferstopje.

DESIEMBER

- Yn de winter kinne de fûgels net mear sa goed sels oan iten komme. Jim kinne de fûgeltsjes helpe troch in pindaslinger te meitsjen en bûten op te hingjen. Hoefolle pinda's kinne jim oan 'e slinger riuwe?



LÚSTERJE
HJIR NEI
IT FERSKE!

BIBBER BIBBER


BIBBER BIBBER BIBBER!
WAT IS IT KÂLD. IK WOL DERÚT, IK BIN
NET FAN SÂLT.
AS IK, BIBBER BIBBER, MYN JAS OAN HA,
DAN FALT IT MEI DE KJELD WOL TA.

JANNEWARIJ

1	_____
2	_____
3	_____
4	_____
5	_____
6	_____
7	_____
8	_____
9	_____
10	_____
11	_____

12	_____
13	_____
14	_____
15	_____
16	_____
17	_____
18	_____
19	_____
20	_____
21	_____
22	_____

23	_____
24	_____
25	_____
26	_____
27	_____
28	_____
29	_____
30	_____
31	_____



SNIEPOP

IK MEITSJE IN SNIEPOP:
IN SNIEBÚK, IN SNIEKOP,
EAGEN FAN KRINTSJES,
IN MÛLE FAN STIENTSJES.

SNIEPOP, WÊROM SJOCHST SA BOAS?
OOO, DO HAST NOCH NET IN NOAS!

FEBREWARIJ

1	_____
2	_____
3	_____
4	_____
5	_____
6	_____
7	_____
8	_____
9	_____
10	_____

11	_____
12	_____
13	_____
14	_____
15	_____
16	_____
17	_____
18	_____
19	_____
20	_____

21	_____
22	_____
23	_____
24	_____
25	_____
26	_____
27	_____
28	_____
29	_____



"Einepykjes, út jim bedsje." Hopla!



mem jout se in setsje.

PYP PYP PYP

spetter spetter.

Alle pykjes yn it wetter.



MAART

1	_____	12	_____	23	_____
2	_____	13	_____	24	_____
3	_____	14	_____	25	_____
4	_____	15	_____	26	_____
5	_____	16	_____	27	_____
6	_____	17	_____	28	_____
7	_____	18	_____	29	_____
8	_____	19	_____	30	_____
9	_____	20	_____	31	_____
10	_____	21	_____		
11	_____	22	_____		

Bij

BIJ, MEI STREEPKES GIEL EN BRÚN
BIJ, WAT DOCHSTO YN DE TÚN?
DO FLJOCHST NEI DE BLOMKES TA,
ALLE MOAIE BLOMKES.

MEI IT TONKJE ÚT DYN SNÚT
SÛGESTO DE NEKTAR ÚT
ALLE BLOMKES YN DE TÚN
ALLE MOAIE BLOMKES.

BIJ, DO NIMST IT STOMOAL MEI
OAN DYN POATSJES, BRINGST IT NEI
ALLE BLOMKES YN DE TÚN,
ALLE MOAIE BLOMKES.

IK KRIJ TROCH DYN BIJETÚT
HUNING, MMM! OP MYN BESKÚT,
FAN DE BLOMKES YN DE TÚN,
ALLE MOAIE BLOMKES.




←
LÚSTERJE
HJIR NEI
IT FERSKE!

APRIL

1	_____
2	_____
3	_____
4	_____
5	_____
6	_____
7	_____
8	_____
9	_____
10	_____

11	_____
12	_____
13	_____
14	_____
15	_____
16	_____
17	_____
18	_____
19	_____
20	_____

21	_____
22	_____
23	_____
24	_____
25	_____
26	_____
27	_____
28	_____
29	_____
30	_____



KIKKERTSSWING

MEI MYN KIKKERTSPOATSJES SPRINGE, HOPLA HOP.
 MEI MYN KIKKERTSKONTSJE SWINGE, DAT IS TOP.
 MEI MYN KIKKERTSKOPKE SKODZJE ELKE TEL,
 OP EN DEL, OP EN DEL, OP EN DEL.



LÛSTERJE
 HJIR NEI
 IT FERSEKE!

IK KWAAK KWAAK KWAK, GEAN ÛT MYN DAK!
 IK, KWAAK KWAAK KWEK, DOCH LEKKER GEK!
 IK, KWAAK KWAAK KWAK, GEAN ÛT MYN DAK!
 IK, KWEK KWEK KWEK, DOCH LEKKER GEK, KWEK!

MAAiE

1	_____	12	_____	23	_____
2	_____	13	_____	24	_____
3	_____	14	_____	25	_____
4	_____	15	_____	26	_____
5	_____	16	_____	27	_____
6	_____	17	_____	28	_____
7	_____	18	_____	29	_____
8	_____	19	_____	30	_____
9	_____	20	_____	31	_____
10	_____	21	_____		
11	_____	22	_____		

FERANTWURDING

JANNEWARIJ

Bibber Bibber
Ferske út: *Tomke 25 jier*
Yllustraasje Luuk Klazenga

FEBREWARIJ

Sniepop
Gedichtsje út: *Spetter spetter*
Yllustraasje Linda de Haan

MAART

Einepykjies
Gedichtsje út: *Tomke-jierboek*
Yllustraasje Marijke
Klompmaker

APRIL

Bij
Ferske út: *Tomke 25 jier*
Yllustraasje Froukje Reitsma

MAAIË

Kikkertsswing
Ferske út: *In dei mei Tomke*
Yllustraasje Karin Carolina
Poiesz

JUNY

Genietsje
Gedichtsje út: *Tomke-tema-
boekje 23*
Yllustraasje Mirjam van
Houten

JULY

Lyts mûske
Ferske út: *Deuntsjes foar dy*
Yllustraasje Karin Carolina
Poiesz

AUGUSTUS

See
Gedichtsje út: *Tomke-tema-
boekje 13*
Yllustraasje Linda de Haan

SEPTIMBER

De spin
Gedichtsje út: *Tûzenpoatsjes*
(Bornmeer)
Yllustraasje Marijke
Klompmaker

OKTOBER

Boartsje yn 'e rein
Ferske út: *Deuntsjes foar dy*
Yllustraasje Luuk Klazenga

NOVEMBER

Stikelbarchje
Ferske út: *It Grutte Foarlêsboek*
Yllustraasje Mirjam van
Houten

DESIEMBER

De blokmies
Ferske út: *It Grutte Foarlêsboek*
Yllustraasje Froukje Reitsma

OMSLACH

Jierdei
Gedichtsje út: *Tomke-jierboek*
Yllustraasje Linda de Haan

KOLOFON

© 2025: Afûk, Postbus 53, 8900 AB Ljouwert

Ferskes en gedichtsjes: Geartsje Douma
Yllustraasjes: Luuk Klazenga / Marijke Klompmaker / Linda de Haan
/ Mirjam van Houten / Froukje Reitsma / Karin Carolina Poiesz
Foarmjouwing: Monique Vogelsang
Printwurk: Printbase

ISBN 978-94-93318-49-6

www.afuk.frl
www.geartsjedouma.nl





JIERDEIKALINDER

Geartsje Douma skriuwt al 25 jier Fryske ferskes, gedichtsjes en ferhaaltsjes! Yn dizze kalinder in seleksje fan har wurk, passend by de tiid fan it jier. Om it hiele jier troch fan te genietsjen, op 'e pjutte-opfang, skoalle of thús. Spesjaal geskikt foar bern fan 2 o/m 6 jier.

JIERDEI

SLINGERS, TOETERS: TÚT TÚT TÚT!
IN HIELE PROTTE PAKJES,
EN LEKKERE GEBAKJES.
IK BLAAS ALLE KEARSKES ÚT:

FFFFFFF!

SCAN DE
QR-KOADES
EN LÚSTERJE
NEI DE
FERSKES!

